LEEUWARDER COURANT

30 september 2010 , pag. 21

Mei SULT is der wat te rêden yn Harich

Plak: Harich, ferskate lokaasjes. **Barren:** foarstelling 'Moardwiif' fan SULT. **Teksten:** Peer Wittenbols, Sjoeke-Marije Wallendal en Anne Zijlstra. **Regy:** Sjoeke-Marije Wallendal en Anne Zijlstra. **Muzyk:** bands fan Lieuwe Pietersen en Ilse de Vries. **Tal besikers:** 180. **Noch te sjen:** jûn en 1, 2, 7, 8, 9 en 10 oktober (fierhinne útferkocht), ekstra foarstellings 3 en 6 oktober.



len fan de gidsen sprekt de groep ta by de splitsing yn Harich.

Foto LC/Catrinus van der Veen

HARICH – As manlju har de kop gek meitsje litte troch froulju, bart der wat. Se slane der yn om en begjinne nuver te dwaan. Sokke oanstellerij, dêr hat de kreaze en stoere Atalanta it mier oan. Wa't it mei har oanlizze wol, sil him bewize moatte – en hoe.

Dizze Atalanta is it 'Moardwiif' yn de foarstelling mei dy namme, dy't teatergroep SULT spilet yn Harich. In âlde Grykske myte, yn in moderne bewurking fan toanielskriuwer Peer Wittenbols, en dat dan oerbrocht nei it deistich libben yn it doarp Harich – it is net neat, wat SULT en de Harichsters op 'e nekke nommen hawwe.

Net dat it nearne in bytsje knypt, mar de jonge regisseurs Sjoeke-Marije Wallendal en Anne Zijlstra slagget it mei har spilers wol om de Grykske myte én it Harichster doarpslibben op in boeiende wize mei elkoar te ferbinen. Lykas wenst by SULT wurdt it publyk op in bysûndere manier meinommen. Net passyf en anonym, mar yn ploegen, dy't mei gidsen troch it doarp sille foar in ekskurzje. Om yn 'e kunde te kommen mei it doarp, syn ynwenners en syn bysûnderheden – fan it doarpshûs oant en mei de boskhutte, fan de leagenbank oant en mei de sûpkeet, fan de tsjerke oant en mei de dasseburcht.

Al rillegau docht bliken dat der wat te rêden is yn Harich. Der stean wol in hiel soad wenten te keap. Jonges en manlju ferdwine. Stikken lân wurde samar omploege. En geandewei krije de gasten yn 'e gaten wêr't dy mystearjes op werom te fieren binne: op in apart frommeske dat troch har heit, in grutboer, yn it doarp delplante is. De puzelstikjes wurde ûnder de ekskurzje yn ferskillende sênes en tafrielen oanrikt en sa wurdt de spanning opboud foar in bysûndere slotsêne.

Dêr komme de linen by elkoar, mar hoe't it komt dat de wedstriid tusken Atalanta en de jonge boer Hidde ôfrint sa't er ôfrint, bliuwt in bytsje hingjen yn de reek fan dat slotspektakel. De besikers hawwe dan al tsjûge west fan in tal oansprekkende en hiel útienrinnende sênes. It sterke ferhaal fan Atalanta sels by de boskhutte kypt der foaral út, troch de krêftige tekst fan Peer Wittenbols én de wjerljochtsjende eagen fan Alie Ludema, dy't in 'moardwiif' mei power delset.

In hiel oare toansetting hawwe bygelyks it noflike petearke mei de âlde Harichsters yn de leagenbank – dy't yn harren smoute praat trochskimerje litte dat it doarp net mear himsels is – en it debútoptreden fan de rockers yn de keet, dat tagelyk in moaie parody ynhâldt. It ferskaat wurdt dochs as in gehiel belibbe troch it optreden fan de gidsen, en troch it byinoar bringen fan groepen en personaazjes yn it doarpshûs, foardat it folk nei de slotsêne brocht wurdt.

De spanning tusken oanlûke en ôfstjitte, tusken behâldsucht en aventoer, dat liket de wat meagere ferbining te wêzen tusken âlde Griken en hjoeddeistige Friezen. Mar dat SULT syn gasten hjirmei in lange jûn fêsthâldt yn Harich, is foaral fanwegen de fisuele fariaasje gjin straf.

FEDDE DIJKSTRA